

Taaldetektive						
Doelgroep leeftiid	Doer	Materiaal en helpmiddels	Klasse ferdieling	Oanpak fan 'e les	Lokaasje fan aktiviteit	Ynterdissiplinêre konneksjes
Fuortset ûnderwiis (12-16)	2 oeren: 15 min. útlis 1 oere foto's meitsje 45 min. analyze	https://www.youtube.com/watch?v=3Wncr4k1y30&t=1 <u>s</u> kamera, wat om op te skriuwen (skrift, kompjûter) <i>(ferskate foto's foar ynspiraasje, sjoch hjirûnder)</i>	yndividueel - lytse groepkes - hiele klasse	ûndersyk refleksje analyze	Op skoalle - bûten	skiednis geografy taallessen
Gearfetting	Studinten wurde taaldetektives yn harren eigen omjouwing. Troch it meitsjes fan foto's fan it					

fan aktiviteit (max. 50 wurden)	taallânskip, komme de studinten ta in analyze fan de sichtbere taal en ûntwikkelfe sy in krityske miening hjir.
Leardoelen	bewustwêzen ferheegje fan taalferskaat - teoretysk begryp fan LL - eigen ûnderfiningen pleatse yn 'e kontekst fan LL - kritysk taalbewustwêzen ferheegje - LL ûndersykje
Stap foar stap ynstruksje	<p>Yn dizze aktiviteit silst op jacht gean nei talen dy't sichtber binne yn dyn eigen omjouwing - do silst taaldetektive wurde!</p> <p><u>Stap 1: Yntroduksje</u></p> <p>Besjoch de fideo fan wat in taallânskip is, wêr't wy taallânskippen fine kinne en hokker soarten taallânskippen der binne.</p> <p><u>Stap 2: Begjin dyn ûndersyk!</u></p> <p>No kinst dyn eigen ûndersyk begjinne!</p> <ul style="list-style-type: none"> - Kies in lokaasje dy'tst ûndersykje wolst. Dit kin de strjitte wêze dêr'tst wennest, dyn rûte nei skoalle, in grutte winkelstrjitte, of bygelyks de supermerk. Alles kin! Let op alles watst tsjinkomst en alles dat taal oangiet. - Meitsje foto's fan de dingen dy't taal brûke. Besykje teminsten 15 foto's te meitsjen, mar mear is altyd mooglik! Set de taal (talen) dy'tst sjochst sa dúdlik mooglik op 'e foto. <p><u>Stap 3: Analysearje dyn foto's yn groepen</u></p> <p>Mei de foto's dy'tst makke hast yn stap 2, begjinst yn groepen dizze te analysearjen. Kinst dizze analyze meitsje op basis fan fragen lykas:</p> <ul style="list-style-type: none"> - Hoefolle talen sjochst op elke foto? (1, 2 of 3 of mear)

	<ul style="list-style-type: none"> - Wat is de funksje fan de tekst? Jout it ynformaasje, wol it wat ferkeapje, is it in offisjeel boerd of ôfbylding? Miskien kinst in oare funksje betinke. - Hokker talen sjochst? <p>Skriuw in gearfetting basearre op de fragen. In foarbyld kin wêze:</p> <ul style="list-style-type: none"> - Wy wiene taaldetektiven yn XX, XX en XX. (Plak dyn foto's hjir) - Wy hawwe yn totaal ... foto's analysearre - (__%) fan dizze foto's lieten ien taal sjen - (__%) fan dizze foto's lieten twa talen sjen - (__%) fan dizze foto's lieten trije talen sjen - De taal dy't it measte brûkt waard wie __, dêrnei wie it __ - De talen waarden brûkt yn ferskillende situaasjes. Ingelsk waard it measte brûkt op posters yn winkels. Dus it hie it doel om wat te ferkeapjen. Ensafuorthinne. - Ferwiis nei de foto's as't it hast oer in spesifike ôfbylding dy't dy bygelyks ferraste of dyn ynteresse opropte. <p><u>Stap 4: Jou dyn miening!</u></p> <p>Stel dy foar datst advys joust oan dyn lokale regearing. Wat fûnst leuk yn 'e talen dy'tst seachst yn 'e iepenbiere romte, wolst sjen dat der feroaringen makke wurde?</p>		
Mooglike oanpassings	Dizze aktiviteit kin maklik dien wurde yn elke oare stêd of doarp		
Ferwachte kompetinsjes / feardigens	Taal sprekken skriuwen	Fakkennis Net fan tapassing	21e-ieuske feardigens en kritysk tinken ynteraksje beskriuwing transfer

			refleksjefeardigens
Fereaske kompetinsjes / feardigens	Taal sprekken skriuwen oare talen werkenne	Fakkennis Net fan tapassing	21e-ieuske feardigens

Foarbylden fan ymplemintaasje





**Reaksje /
feedback
dosint**

“It wie geweldich om it entûsjasme te sjen fan de studinten om har eigen omjouwingen te ûndersykjen mei it ûnderwerp Linguist Landscapes. Ik wie tige ûnder de yndruk, mar ek ferrast oer hoe sterk de mieningen fan de studinten wiene oer it sjen fan mear Fryske taal yn har eigen omjouwing. ”

**Reaksje/
feedback
studint**

“Wy fûnen it leuk in kear taaldetektives te wêzen! Wy wiene teloarsteld oer hoe min it Frysk ôfbylde waard, om't wy yn Fryslân binne! Benammen de 'Leeuwarden' buorden, want wêrom soene je net 'Ljouwert' brûke? Der moatte ek mear Ingelske buorden wêze, dat kin liede ta mear besikers ;) ”

“Oer it algemien fine wy dat it Frysk mear yn 'e stêd brûkt wurde moat, om't Ljouwert úteinlik de haadstêd fan Fryslân is en dêrom in soad toeristen wolkom hjit. Dêrom is it wichtich om sjen te litten dat wy grutsk binne op ús taal en dat wy wolle dat it oerlibbet. ”